

Feroaring fan ûnder oaren de Wet op it primêr ûnderwiis,
de Wet op it fuortset ûnderwiis en de Wet op
de ekspertizesintra yn ferbân mei it ûnderwiis yn de Fryske taal

UTSTEL FAN WET

Wy Beatrix, by de graasje fan God, Keninginne fan de Nederlannen, Prinsesse fan Oranje-Nassau, ensfh. ensfh. ensfh.

Allegearre dy't dit sjen sille of lêzen hearre, salút! dogge te witten:

Mei't Wy yn berie nommen hawwe, dat it mei it each op it prinsipe dat de provinsje Fryslân, dêr't it Frysk as offisjele taal neist it Nederlânsk fungearret, sizzenkip kriget oer it belied oangeande dy taal, winsklik is dat de kearndoelen foar it ûnderwiis yn de Fryske taal yn it primêr ûnderwiis, it fuortset ûnderwiis en it spesjaal ûnderwiis fêststeld wurde troch provinsjale steaten fan Fryslân, nei ynstimming fan de Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip; dat dêrta ûnder oaren de Wet op it primêr ûnderwiis, de Wet op it fuortset ûnderwiis en de Wet op de ekspertizesintra feroare wurde moatte; Sa is it, dat Wy, nei de Ofdieling advisearring fan de Rie fan Steat heard te hawwen, en mei mien oerlis fan de Steaten-Generaal, goedfûn en ferstien hawwe, lykas Wy hjirby goedfine en fersteane:

Kêst I. Ferroaring Wet op it primêr ûnderwiis

Kêst 9 fan de Wet op it primêr ûnderwiis wurdt lykas folget feroare:

1. It fjirde lid wurdt sa:

4. Op de skoallen yn de provinsje Fryslân wurdt boppedat ûnderwiis jûn yn de Fryske taal. Deputearre steaten kinne op fersyk fan it foechhawwend gesach parsjele of yntegrale ûntheffing fan dy ferplichting jaan. Deputearre steaten stelle kritearia fêst foar dy parsjele en yntegrale ûntheffing. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't deputearre steaten oerlis hân hawwe mei it Frysk primêr ûnderwiis en nei't Us minister mei de kritearia ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.

2. Yn it fyfde lid wurdt "neamd yn it earste, twadde en fjirde lid" ferfongen troch: neamd yn it earste en twadde lid.

3. Under it omnûmerjen fan it sechsde oant en mei alfde lid ta it njoggende oant en mei fjirtjinde lid, wurde in nij sechsde, sânde en achtste lid ynfoege, dêr't yn stiet:
6. Oangeande de ûnderwiisaktiviteit, neamd yn it fjirde lid, stelle provinsjale steaten fan Fryslân by oardering kearndoelen Fryske taal fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us minister mei de kearndoelen ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.
7. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de kearndoelen, neamd yn it sechsde lid, jout Us minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:
- it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk primêr ûnderwiis foar de fêst te stellen kearndoelen Fryske taal;
 - de kearndoelen Fryske taal freegje net mear ynspanningen fan it Frysk primêr ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal binnen it totaal oan ûnderwiisaktiviteiten rjochtfeardiget.
8. By de kearndoelen, neamd yn it sechsde lid, wurdt omtinken jûn oan:
- it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,
 - it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en
 - it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal.
4. Yn it tsiende lid (nij) wurdt "it fyfde lid" hieltyd ferfongen troch: it fyfde of sechsde lid.

Kêst II. Feroaring Wet op it fuortset ûnderwiis

Kêst 11e fan de Wet op it fuortset ûnderwiis wurdt no sa:

Kêst 11e. Frysk

- Op de skoallen yn de provinsje Fryslân wurdt mei achtslaan fan de kearndoelen dy't dêrfoar fêststeld binne, boppedat ûnderwiis jûn yn de Fryske taal en kultuer, of it moat wêze dat deputearre steaten op fersyk fan it foechhawend gesach parsjele of yntegrale ûntheffing fan dy ferplichting jûn hawwe. Deputearre steaten stelle kritearia fêst foar dy parsjele en yntegrale ûntheffing. It fêststellen fan dy kritearia kriget earst syn beslach nei't deputearre steaten oerlis hân hawwe mei it Frysk fuortset ûnderwiis en nei't Us Minister mei de kritearia ynstimd hat. As Us Minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.
- Provinsjale steaten fan Fryslân stelle de kearndoelen Fryske taal en kultuer, yn de sin fan it earste lid, by oardering fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us Minister mei de kearndoelen ynstimd hat. As Us Minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in

omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us Minister en wurdt bekend makke.

3. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de keardoelen, neamd yn it twadde lid, jout Us Minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:

a. it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk fuortset ûnderwiis foar de fêst te stellen keardoelen Fryske taal en kultuer;

b. de keardoelen Fryske taal en kultuer freegje net mear ynspanningen fan it Frysk fuortset ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer binnen it ûnderwiisprogramma, omskreaun yn kêst 11c, earste lid, rjochtfeardiget.

4. By de keardoelen Fryske taal en kultuer wurdt omtinken jûn oan:

a. it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,

b. it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en

c. it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal en kultuer.

Kêst III. Feroaring Wet op de ekspertizesintra

Kêst 13 fan de Wet op de ekspertizesintra wurdt lykas folget feroare:

1. Yn it sânde lid wurdt "earste oant en mei sechsde lid" ferfongen troch: earste oant en mei fyfde lid.

2. Under it omnûmerjen fan it achtste oant en mei tsiende lid ta it alfde oant en mei trettjinde lid, wurde in nij achtste, njoggende en tsiende lid ynfoege, dêr't yn stiet:

8. Oangeande de ûnderwiisaktiviteit, neamd yn it sechsde lid, stelle provinsjale steaten fan Fryslân by oardering keardoelen Fryske taal fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us minister mei de keardoelen ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.

9. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de keardoelen, neamd yn it achtste lid, jout Us minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:

a. it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk spesjaal ûnderwiis foar de fêst te stellen keardoelen Fryske taal;

b. de keardoelen Fryske taal freegje net mear ynspanningen fan it Frysk spesjaal ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal binnen it totaal oan ûnderwiisaktiviteiten rjochtfeardiget.

10. By de keardoelen, neamd yn it achtste lid, wurdt omtinken jûn oan:

a. it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,

b. it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en

c. it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal.

4. Yn it tolfde lid (nij) wurdt "it sânde lid" hieltyd ferfongen troch: it sânde of achtste lid.

Kêst IV. Feroaring Wet op it ûnderwiistafersjoch

De Wet op it ûnderwiistafersjoch wurdt lykas folget feroare:

A

Oan kêst 8 wurdt in fjirde lid tafoege, dêr't yn stiet:

4. As in rapportaazje yn de sin fan it earste lid, of in part dêrfan, spesifyk it ûnderwiis yn de Fryske taal of it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer oanbelanget op alle skoallen yn it primêr ûnderwiis, fuortset ûnderwiis respektivelik spesjaal ûnderwiis, stjoert de ynspeksje, tagelyk mei it ferstjoeren oan Us Minister, dy rapportaazje respektivelik dat part, yn ôfskrift oan deputearre steaten fan Fryslân.

B

Yn kêst 15b wurdt "kêst 8" ferfongen troch: kêst 8, earste oant en mei tredde lid,.

Kêst V. Feroaring yn ferbân mei it wetsútstel ta feroaring fan ûnder oaren de Wet op de ekspertizesintra yn ferbân mei de kwaliteit fan it spesjaal en fuortset spesjaal ûnderwiis

1. As it útstel fan wet ta feroaring fan ûnder oaren de Wet op de ekspertizesintra yn ferbân mei de kwaliteit fan it spesjaal en fuortset spesjaal ûnderwiis (Keamerstikken 2010/2011, 32 812, nr. 2), dat by keninklik boadskip fan 16 juny 2011 yntsjinne is, ta wet ferheft is of wurdt, en de kêsten 14c, fyfde lid, en 14f, fjirde lid, fan kêst I, ûnderdiel F, fan dy wet earder yngien binne of yngeane as kêst II fan dizze wet, wurdt de Wet op de ekspertizesintra lykas folget feroare:

A

Kêst 14c wurdt lykas folget feroare:

1. It fyfde lid wurdt sa:

5. Op skoallen yn de provinsje Fryslân kin it ûnderwiis yn it útstreamprofyl dat rjochte is op de arbeidsmerk, ek ûnderwiis yn de Fryske taal omfetsje. Foar dat ûnderwiis stelle provinsjale steaten fan Fryslân by oardering kearndoelen Fryske taal fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us minister mei de kearndoelen ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.

2. Under it omnûmerjen fan it sechsde oant en mei tsiende lid ta it achtste oant en mei tolfde lid, wurde in nij sechsde en sânde lid ynfoege, dêr't yn stiet:

6. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de kearndoelen, neamd yn it fyfde lid, jout Us minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:

- a. it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis foar de fêst te stellen kearndoelen Fryske taal;
 - b. de kearndoelen Fryske taal freegje net mear ynspanningen fan it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal binnen it ûnderwiisprogramma, omskreaun yn it njoggende lid, rjochtfeardiget.
7. By de kearndoelen, neamd yn it fyfde lid, wurdt omtinken jûn oan:
- a. it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,
 - b. it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en
 - c. it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal.
3. Yn it tsiende lid (nij) wurdt "it sânde lid" hieltyd ferfongen troch: it njoggende lid.
4. Yn it alfde lid (nij) wurdt "it sânde lid" ferfongen troch "it njoggende lid" en wurdt "it achtste lid" ferfongen troch: it tsiende lid.

B

Kêst 14f wurdt lykas folget feroare:

1. It fjirde lid wurdt sa:
4. Op skoallen yn de provinsje Fryslân kin it ûnderwiis yn it útstreamprofyl deibesteging ek ûnderwiis yn de Fryske taal omfetsje. Foar dat ûnderwiis stelle provinsjale steaten fan Fryslân by oardering kearndoelen Fryske taal fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us minister mei de kearndoelen ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.
2. Under it omnûmerjen fan it fyfde oant en mei achtste lid ta it sânde oant en mei tsiende lid, wurde in nij fyfde en sechsde lid ynfoege, dêr't yn stiet:
5. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de kearndoelen, neamd yn it fjirde lid, jout Us minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:
- a. it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis foar de fêst te stellen kearndoelen Fryske taal;
 - b. de kearndoelen Fryske taal freegje net mear ynspanningen fan it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal binnen it ûnderwiisprogramma, omskreaun yn it achtste lid, rjochtfeardiget.
6. By de kearndoelen, neamd yn it fjirde lid, wurdt omtinken jûn oan:
- a. it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,
 - b. it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en
 - c. it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal.
3. Yn it njoggende lid (nij) wurdt "it sechsde lid" ferfongen troch: it achtste lid.
4. Yn it tsiende lid (nij) wurdt "it sechsde lid" ferfongen troch "it achtste lid" en wurdt "it sânde lid" ferfongen troch: it njoggende lid.

2. As it útstel fan wet ta feroaring fan ûnder oaren de Wet op de ekspertizesintra yn ferbân mei de kwaliteit fan it spesjaal en fuortset spesjaal ûnderwiis (Keamerstikken 2010/2011, 32 812, nr. 2) dat by keninklik boadskip fan 16 juny 2011 yntsjinne is, ta wet ferheft is of wurdt, en de kâsten 14c, fyfde lid, en 14f, fjirde lid, fan kâst I, ûnderdiel F, fan dy wet geane letter yn as kâst II fan dizze wet, wurdt dy wet lykas folget feroare:

A

Kâst I, ûnderdiel F, kâst 14c, wurdt lykas folget feroare:

1. It fyfde lid wurdt sa:

5. Op skoallen yn de provinsje Fryslân kin it ûnderwiis yn it útstreamprofyl dat rjochte is op de arbeidsmerk, ek ûnderwiis yn de Fryske taal omfetsje. Foar dat ûnderwiis stelle provinsjale steaten fan Fryslân by oardering kearndoelen Fryske taal fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us minister mei de kearndoelen ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.

2. Under it omnûmerjen fan it sechsde oant en mei tsiende lid ta it achtste oant en mei tolfde lid, wurde in nij sechsde en sânde lid ynfoege, dêr't yn stiet:

6. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de kearndoelen, neamd yn it fyfde lid, jout Us minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:

a. it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis foar de fêst te stellen kearndoelen Fryske taal;

b. de kearndoelen Fryske taal freegje net mear ynspanningen fan it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal binnen it ûnderwiisprogramma, omskreaun yn it njoggende lid, rjochtfeardiget.

7. By de kearndoelen, neamd yn it fyfde lid, wurdt omtinken jûn oan:

a. it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,

b. it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en

c. it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal.

3. Yn it tsiende lid (nij) wurdt "it sânde lid" ferfongen troch: it njoggende lid.

4. Yn it alfde lid (nij) wurdt "it sânde lid" ferfongen troch "it njoggende lid" en wurdt "it achtste lid" ferfongen troch: it tsiende lid.

B

Kâst I, ûnderdiel F, kâst 14f, wurdt lykas folget feroare:

1. It fjirde lid wurdt sa:

4. Op skoallen yn de provinsje Fryslân kin it ûnderwiis yn it útstreamprofyl deibesteging ek ûnderwiis yn de Fryske taal omfetsje. Foar dat ûnderwiis stelle

provinsjale steaten fan Fryslân by oardering keardoelen Fryske taal fêst. It fêststellen kriget earst syn beslach nei't Us minister mei de keardoelen ynstimd hat. As Us minister fan doel is om net yn te stimmen, freget er de Underwiisried om in advys út te bringen. It fersyk befettet in omskriuwing fan de ûnderwerpen dêr't advys oer ferwachte wurdt. It advys wurdt binnen fjouwer wiken útbrocht oan Us minister en wurdt bekend makke.

2. Under it omnûmerjen fan it fyfde oant en mei achtste lid ta it sânde oant en mei tsiende lid, wurde in nij fyfde en sechsde lid ynfoege, dêr't yn stiet:

5. By syn beslútfoarming om al of net yn te stimmen mei de keardoelen, neamd yn it fjirde lid, jout Us minister yn alle gefallen omtinken oan de folgjende aspekten dy't troch deputearre steaten oantoand wurde moatte:

a. it bestean fan foldwaande draachflak yn it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis foar de fêst te stellen keardoelen Fryske taal;

b. de keardoelen Fryske taal freegje net mear ynspanningen fan it Frysk fuortset spesjaal ûnderwiis as it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal binnen it ûnderwiisprogramma, omskreaun yn it achtste lid, rjochtfeardiget.

6. By de keardoelen, neamd yn it fjirde lid, wurdt omtinken jûn oan:

a. it him/har mûnling uterjen yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk,

b. it him/har skriftlik uterjen yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út teksten dy't yn it Frysk skreaun binne, en

c. it befoarderjen fan it begryp fan de Fryske taal.

3. Yn it njoggende lid (nij) wurdt "it sechsde lid" ferfongen troch: it achtste lid.

4. Yn it tsiende lid (nij) wurdt "it sechsde lid" ferfongen troch "it achtste lid" en wurdt "it sânde lid" ferfongen troch: it njoggende lid.

Kêst VI. Ynfieringsrjocht

Oant it stuit dat foar it earst keardoelen yngeane dy't fêststeld binne troch provinsjale steaten fan Fryslân neffens de prosedure dy't dêrta yn kêst I, kêst II respektivelik kêst III opnommen is, bliuwe yn ôfwiking fan dy kêsten de keardoelen Fryske taal en de keardoelen Fryske taal en kultuer fan tapassing op de te ûnderskieden soarten ûnderwiis, sa't dy keardoelen jilden oant it stuit dat de oanbelangjende kêsten fan tapassing wurde.

Kêst VII. Publikaasje Fryske oersetting

Us Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip soarget foar in oersetting yn de Fryske taal fan dizze wet en set dy yn de *Staatscourant*.

Kêst VIII. It yngean

Dizze wet giet yn op in by keninklik beslút te bepalen stuit, dat foar de ûnderskate kêsten of ûnderdielen dêrfan ûngelikens fêststeld wurde kin.

Hjitte en gebiede dat dizze wet yn it *Staatsblad* set wurde sil en dat alle ministearjes, autoriteiten, kolleezjes en amtners dy't soks oangiet, har hâlde sille oan de sekuere útfiering dêrfan.

De Minister fan Underwiis,
Kultuer en Wittenskip,

De Minister fan Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes,

De Minister fan Ekonomyske Saken,
Lânbou en Ynnovaasje,